



Socht: entûsjaste stambeamûndersikers

Poadium foar genealogen by Famillement 2018 yn Ljouwert

It CBG | Centrum voor familiegeschiedenis organisearret tegearre mei Tresoar en it Historisch Centrum Leeuwarden op snein 3 juny 2018 it Famillement – it grutste evenemint op it mêd fan famyljeskiednis yn Ljouwert. By dit evenemint wurdt (amateur)genealogen in poadium bean om te fertellen oer harren stambeamûndersyk.

It Famillement is in fergees evenemint dat sawol begjanners as ek trochsetters op it mêd fan (famylje)skiednis in soad te bieden hat. Foar 2018 is Ljouwert as lokaasje keazen omdat de stêd dan kulturele haadstêd fan Europa is. It CBG hat tegearre mei Tresoar en it Historisch Centrum Leeuwarden (HCL) de organisaasje yn hannen. Op it programma steane ynterviews, workshops, lêzingen, rûnliedingen en in ynformaasjemerk yn Stadsschouwburg De Harmonie, Tresoar en HCL. Underwerpen dy't oan de oarder komme binne ûnder oaren ûntwikkelingen op it mêd fan DNA-ûndersyk en Fryske skiednis. Ek wurde dit jier aktiviteiten foar bern organisearre.

GenTalk

Yn de rubryk GenTalk wurde entûsjaste stambeamûndersikers útnûge om te fertellen oer harren ûndersyk, ûntdekkingen of tips. Sy krije in poadium oanbean om harren kennis én ûnderfining op it mêd fan famylje-histoarysk ûndersyk te dielen. In GenTalk duorret ûngefear tsien minuten. Der wurdt in seleksje makke op basis fan ynhâld, relevânsje en ferskaat fan ûnderwerpen. Oanmelde kin oant 1 maart 2018, foar mear ynformaasje: www.famillement.nl.

Skiednis

Om 'e twa jier organisearret it CBG tegearre mei in regionale partner-organisaasje it Famillement. Nei Maastricht yn 2012, Leiden 2014 en Utrecht 2016 wurdt mei Ljouwert 2018 fan it Famillement in twajierlikse tradysje makke. Dat it evenemint oanslacht docht wol bliken út de besikerssifers fan de eardere edysjes: 1.500 besikers yn 2012, 2.300 yn 2014 en mar leafst 2.750 yn 2016.

CBG | Centrum voor familiegeschiedenis

It CBG is it lanlike ekspertize én ynformaasjesintrum foar ûndersyk nei famyljeskiednis. Neist advys en ûndersyk biedt it CBG ek stipe by genealogysk ûndersyk troch it beskikber stellen fan boarnen op it mêd fan genealogy, heraldyk en famyljenammen.

Tresoar

Yn Fryslân is Tresoar it bewarplak fan de skiednis fan Fryslân. It is it plak dêr't talleaze yn Fryslân ferskynde boarnen te finen binne. Dêrnjonken brûst it yn Tresoar fan aktiviteiten foar jong en âld lykas konserten, lêzingen, útstallingen, edukative projekten en kolleezjes foar bern.

Historisch Centrum Leeuwarden

It HCL is it ynformaasje- en aktiviteitesintrum foar de skiednis fan Ljouwert en omjouwing. Saakkundige meiwurkers helpe de besikers by harren speurtocht yn de argiven, boutekeningen, befolkingregisters, foto's, kranten en in hiele protte oare boarnen.

It Famillement is in gearwurkingsprojekt dêr't it CBG, Tresoar en HCL gearwurkje mei de Freonen fan de Argiven yn Fryslân (FAF), de Nederlandse Genealogische Vereniging (NGV), Ofdieling Fryslân en it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy.